

- Kaatsspel; handleiding met historische aantekeningen en kaatzangen.* Baarn, s.j. [1910], s. 55.
- ⁸ J.A.H.J[ockin]. *Het sportboek; handleiding voor openlucht-spelen.* Amsterdam, s.j. [1910], s. 30.
- ⁹ 'Oude glacé-handschoenen'. Yn: *Leeuwarder Courant*, 13 jannewaarje 1915, s. 6.
- ¹⁰ Sjoch foar in detaillearre beskriuwing: Pieter Breuker. 'De PC en de Belgen: in súksesfol partoer'. Yn: Pieter Breuker en Jan Pieter Janzen (einred.). *De fiifde woansdei; 150 jier PC (1853-2003).* Franeker, 2003, s. 104-113.
- ¹¹ Willem Westra. 'Bij onze Friesche Kaatsers.; eenige kantteekeningen. I. Yn: *Leeuwarder Courant*, 4 novimber 1916.
- ¹² Johanes Lolkama. *Perken, Parturen en Koningen; honderddertig jaar georganiseerde kaatssport in Friesland.* Akkrum. 1983, s. 112. It ferhaal oer de hurde ballen brochten my de by it jeu au tamis brûkte ballen yn it sin: 'De tamis-bal is klein (32 mm. doorsnede) en bijzonder hard; hij is gevuld met zand en houtafval en overtrokken met wit leder' (Dirk Raes. *Het Kaatsspel: historiek, vormgeving en verspreiding.* Leuven, 1965, s. 40. It jeu au tamis waard foaral yn België beoefene, mar it rekke dêr al yn it begjin fan de 20ste ieu yn it neigean.
- ¹³ Yn de jierren 1914-1918 waard definityf besluten om mei in saneamde 'droge' bal te spyljen, in bal dus dy't net troch flibe of wetter wiet makke wurde mocht. Sjoch: Auke Spijckstra, oanhelle wurk noat 6, s. 207.
- ¹⁴ De brief wurdt yn it PC-argyf bewarre.
- ¹⁵ It notuleboek wurdt op it Keatsmuseum bewarre. Yn de *Leeuwarder Courant* fan 28 july 1913 skriuwt '’n Kaatsliefhebber' yn de rubryk 'Ingezonden' ûnder de titel 'Het bevochtigen van den kaatsbal' (s. 2) trouwens dat de Belgen mei 'hun geliefden handschoen' keatse sille, mar dat de Friezen dy net brûke meie soenen. In misferstân?
- ¹⁶ Rinse Brink. 'Met den drogen bal' [yn rubryk 'Ingezonden']. Yn: *Leeuwarder Courant*, 21 novimber 1916, s. 5.
- ¹⁷ Auke Spijckstra, oanhelle wurk noat 6, s. 208.
- ¹⁸ Lolkama, oanhelle wurk noat 11, s. 112: 'Als verklaring voor het laat in zwang komen van wanten in de kaatssport, wordt veelal de volgende verklaring gegeven. In de periode tot 1920 verrichtten de kaatsers, die voor het merendeel uit arbeiderskringen afkomstig waren, handenarbeid in het

- dagelijkse leven. Door het handwerk kreeg men een laag eelt in de handen, die bij het kaatsen een natuurlijke bescherming bood. De overgang van een agrarische naar een industriële samenleving bracht daar verandering in: mensen gingen lichter werk doen: het aantal banen in de witte boordensector nam toe.'
- ¹⁹ Willem Westra. 'Bij onze Friesche Kaatsers; eenige kantteekeningen I'. Yn: *Leeuwarder Courant*, 4 novimber 1916.
- ²⁰ Anonym [Jan Feith]. 'Kaatsen Kegelen Kolven Beugelen'. Yn: Jan Feith. *Het boek der Sporten.* Amsterdam, s.j. [1900], s. 55-56.
- ²¹ It keatsen, ek dat ûnder de hegerein (boargers en studinten), lei fanwegen drankmisbrûk en wedzjen op net sa'n bêste namme. Yn de twadde helte fan de 17^{de} ieu rûnen de keatsbanen yn en bûten Nederlân leech. Sjoch dêrfoar: Cees de Bondt. *"Heeft yemant lust met bal, of met reket te spelen ...?; Tennis in Nederland 1500-1800".* Hilversum, 1993, s. 118. Fuort nei 1700 waard yn koarte tiid it 'kolf' populêr, dat yn oerdutsen banen by herbergen spile waard. It dus op in lyts spylfjild beoefene 'kolf' wie in fariant fan it ieuwenlang populêre 'colf', dat yn de iepenloft spile waard. Ds. Kalma konstatearret: 'Afgaande op de 18^{de}-eeuwse advertenties kunnen we zeggen, dat in de friese steden meer gekolfd dan gekaatst werd. Het kolven is een sport van de gezeten burgers, die het kaatsen in de baan verdrong.' (Jaap J. Kalma. *Kaatsen in Friesland.* Franeker, 1972, s. 66). As ferklearring fan de oergong fan 'colf' nei 'kolf' neamt Van Hengel 'de verfijning van de 18^{de} eeuw [...]'. Het [colf]spel werd in de buitenlucht beoefend, men werd er vuil bij.' Sjoch: [S.J.H. van Hengel e.o.]. *Colf Kolf Golf; van middeleeuws volksspel tot moderne sport.* Zutphen, 1982, s. 28.
- ²² *Franeker Courant*, 7 juny 1916, s. 17.
- ²³ Sjoch: Pieter Breuker. 'Kaatsen in internationaal verband: beperkt grensverkeer mogelijk'. Yn: Pieter Breuker en Wio Joustra (red.). *Sporthistorie; tussen feit en mythe.* Leeuwarden, 2004, s. 109 en 115.
- ²⁴ Oer dizze aspekten fan it Belgyske keatsen falt oars noch wol it ien en oar út te sykjen. Sjoch foar in oanset: Raes, oanhelle wurk noat 11, Pieter Breuker, oanhelle wurk noat 21, s. 110-115 en foaral ek Willem Westra. 'Bij onze Friesche Kaatsers.; Kanttekeningen. VII.' Yn: *Leeuwarder*

Courant, 16 december 1916.

- ²⁵ In ferneamde wantemakker, sawol foar it jeu au tamis as it peloatespul, wie Achille Margot fan Thuin. Yn it anonym ferskynde (en seldsume) *Exposition internationale et rétrospective du jeu de balle organisée sous les auspices de l'administration communale de Saint-Gilles-lez-Bruxelles. Par le cercle L'Avenir à l'occasion de son Xe anniversaire 1887-1897.* S.p. [Brussel], s.j. [1897] advertearje mar leafst trije wantemakkers (wêrûnder Achille Margot) en trije ballemaakkers. It belang fan it doetiidske keatsen yn België komt ek ta utering yn advertinsjes foar sportskuon en foar in keatsblêd (*Le Jeu de Balle*).
- ²⁶ Johannes le Francq van Berkhey. *Natuurlyke Historie van Holland.* Derde deel, derde stuk. Amsterdam, 1773, p. 1405. Noch oant yn de 20^{ste} ieu waard der yn Súd-Hollân (dêr't Le Francq van Berkhey syn stik op slacht) mei in gruttere en betreklik sachte bal keatst (sjoch: Pieter Breuker. "Boerenkaatsen" in Zuid-Holland: een verdwenen cultuurgood'. Yn: Pieter Breuker. *Oan de hang; in samling skôgingen, artikels en lêzingen oer keatsen, keatshistoarje, keunst en kultuer.* Dronryp, 1997, s. 66-82, foaral s. 78-79.
- ²⁷ Halbertma doelt op balspullen wêrby't in racket brûkt waard.
- ²⁸ Joast Hiddes Halbertsma. 'De frissche lucht'. Yn: *Overijselsche almanak voor oudheid en letteren*, jrg. 9 (1844), s. 294-295.
- ²⁹ H[ugo] S[uringar]. 'Franeker'. Yn: Mr. Arnoldus J. Andreae e.o. *Friesland en de Friezen; gids voor reizenden.* Leeuwarden, 1877, s. 81.
- ³⁰ Wy moatte der wol rekken mei hâlde dat de romantikus Halbertsma it 'wiere' en 'oarspronklike' foaral yn foarbye tiden miende te sjen.
- ³¹ T[thomas] J[ans] B[onnema]. 'Fen âlde Keatsers en hjar Fiten [II]'. Yn: *Sljucht en Rjucht*, jrg. 2 (1898), nû. 24, s. 189. Bonnema lit yn syn ferhaal oer it keatsen yn earder tiid de Arumer Obe mei sokke ballen keatse. Neffens Kalma moat Obe foar Obe Jans Bangma stean, dy't op 20 jannewaarje 1805 yn Arum berne waard. Sjoch: Jaap J. Kalma. *Koaning-keatser Jan de Earste.* Ljouwert, 1972, s. 11.
- ³² Sjoch: Pieter Breuker. 'Voorlopers van het Friese kaatsen'. Yn: Pieter Breuker (einred.). *Oanhelle wurk*, noat 6, s. 61.
- ³³ 'Waling Dykstra. *Uit Friesland's Volksleven van vroeger en later I*. Leeuwarden, 1895, s. 302.

Alde formules, nije dagen

I

We wienen bij inoar lotte. Moesten wy foarhinne net altyd tsjin inoar, meast yn 'e finale of om in plak yn 'e finale? Sa heugde it my alteast. De lotsjende bestjoersleden hienen blykber it A-kwaliteitfertrouwen yn elk gefal yn ien fan ús opsein, ik tink yn mij, want sij stie as earste op 'e list. Dat fertrouwen wie iksels, dy inkele kear dat ik noch keatste, oars al langer kwyt.

Mar it wie in fleurige dei. Boppe de muzyk fan 'e draaimûne út rôpen wy elkoar en ús maat ta: * *'In prebearing! ...'t Is te koart! ... Stuit wat neier ... Toe no, ju ... 't Is in keats, hear! ... Twa keatsen, 't is fergean! ... Slach mar op! ... Dy ha wij! ... Fjouwer gelyk is 't ... Achterút ... Slach mar yn! ... Do wat mear nei foaren ... As dit earst ús wer ûntkomt ... Dy 's deryn, Mar dat komt ek troch de wyn ...'*

Alde formules, in feestlike dei. Wat koe it ús skele dat wy der foar de prizen ôf rekken.

II

Soms tink ik dat ik it wol hân ha mei de PC. In dei lang nei jonges sjen dy't har oefenings dogge. Oare dagen taal ik der net nei. Mar de Omrop en de Krante en de omjouwing ...

Set ik dochs de fyfde woansdei fan july dy kant fan Frjentsjer wer út, de PC-bus stoppet ek sa moai foar hûs. Sit ik op 'e tribune te knikken en te glimkjen en te wiuwen nei bekenden, sjoch ik nei de warbere jonges, gean ik in slach om it fjild en in slach troch de stêd. Sit ik mei te sjen en mei te hearren en mei te bearen: **'It giet hinne! ... Op 'e dyk! ... Dy giet boppe! ... Twa gelyk. ... Bûten, bûten! ... Kear him! kear him! ... Hij is foarbij! ... Toe no! ... Dy is kwea ... '*

Alde formules. Wurd ik rûzich yn 'e holle, dronken, fan al dy ferwachtings, dreamen, al dat ferline, al dy winst en al dat ferlies, fan al dy keatsers en al dat publyk.

Janneke Spoelstra

* Sitaten út it gedicht 'Keatse' fan de Baarder dichter Harmen Sytstra (1817-'62) yn 'e *Friesche Almanak* fan 1853. It gedicht is ek opnommen yn J.J. Kalma, *Keatsen yn Fryslân*. (1961) en Pieter Breuker. *Boppe! in blomlêzing út de Fryske keats-literatuer* (1987).